

Waatze Gribberts Brulloft

De Fryske bestseller út 'e 18^e iuw

&

It Libben fan Aagtje Ijsbrants

Kolofon

ISBN: 978 94 6365 012 0

1e druk 2017

© 2017, Eric Hoekstra


Utjouwerij Elikser

Ossekop 4

8901 AA Ljouwert

Foarmjouwing omslach en binnenwurk: Evelien Veenstra

Mei tank oan:

provinsje fryslân
provincie fryslân 

De Provinsje Fryslân

It Letterkundich Netwurk fan de Fryske Akademy

Neat út dizze útjefte mei fermannichfâldige wurde, opslein yn automatysearre gegevensbestannen en/of iepenbier makke troch middel fan print, fotokopy, mikrofilm of op hokfoar oare wize ek, sûnder foarôfgeande skriftlike tastimming fan de skriuwer en de útjouster.

This book may not be reproduced by print, photoprint, microfilm or any other means, without written permission from the author and the publisher.

Waatze Gribberts brulloft
It Libben fan Aagtje IJsbrants

Eric Hoekstra



Foar Reinier

Haadstik 1

De âlde Gribbert knoffele tsjin de foardoar fan syn hûs oan. Hy wie praatsk fan 'e drank wurden en spruts yn himsels.

“O tûzen botsens, dat Haarlemmer bierke dat smakket my sa swiet, sa swiet! Men soe der inoar de ears om slikje! My tinkt, nei myn plomp en bot ferstân, hja moatte der hunich yn dwaan, it is oars ûnmooglik, it is ommers sa giel as waaks. Ik mocht wol tinke wêr't al myn hunich bleau, dy't ik alle jierren fan myn bijen te merke brocht. As it nei myn sin wêze mocht, ik woe wol helte faker nei Gabe Rinnerts en harres te bier gean en in healkantsje of twa (as it sa lije koe) op 'e toskan nimme: mar myn wiif, myn wiif, dy mâle teef, dy boaze flarde, dêr kin ik neat mei wurde! As hja my yn 'e herberch fûn, se soe der my mei de bollepyst út helje. Mar dizze reis kaam ik der sa ûnferhoeds yn, in hipte reis, wylst hja nei har heites, Sytze Binnes, ta wie. Mar lit ris sjen! Haw ik jit net ien driip bier of twa yn it burd hingjen? Dat moat ik der earst út slikje. No, dan moat ik my mar nei hûs ta jaan, dat dy âlde teef my thúsfynt, as se wer thúskomt, oars moat myn âld rêch it wer belije. Wat duvel raast der sa yn 'e hûs! Hark! Wa mei dat geraas dêr meitsje? Ik tink, dat myn grutte jonge Waatze dêr dwaande is. As dy hikke fan 'e daam is, rinne de skiep yn it wyld. Ik moat gau ris sjen.”

Lang om let krige Gribbert de doar iepen en stoep deryn. Dêr siet dy soan fan him, Waatze. It wie Gribbert min nei it sin dat er sa nei de fammen omseach dat hy joech him fuort in wan bruien. De groujonge âle deroer.

“Slachst my dea, O al dea al dea! O my, o my!

Gribbert sei grimmitich: “Sjoch, sa wol ik dy ôfterskje en ôftouwe!”

“O myn holle! O myn noas! O myn rêch!”

“Do lilke skodde! It is dat ik it om 'e skande net doch, en datsto sa âld net mear bist, mar oars soe ik dy de broek ôfstrike.”

“Wachtsje wat! Lit ús mem deryn komme! Ik sil it har allegearre sizze. Hja hat my hiten dat ik by de fammen bliuwe sil.”

“Swij stil, do bongel! Bisto sa hynstich datsto by de fammen rinste? Ik wedzje: lit de lobber hjir ris komme en ik soe dy wol hast rúnje litte!”

Dêr kaam Sibbel, de mem, ta de keamer yn. Se wie sljocht op har groujonge en naam Gribbert fuort geweken.

“O do âld hingelgat! Dat it dy net wee wurdt! Wêrom bearsto net oars mei de jonge?”

“Wiif, lit dyn hingelgatsjen! Wat raasto sa, as in skeet yn 'e bonge? Soe hy mei de fammen begjinne te stoeien?”

“Mar om 'e niget! Se wurde der net lam fan. Hoe faak hasto my wol net ûnder krigen, en wol op 'e hûd treaun, ear'tsto my ta dyn wiif krigen hast?”

“Fij! Skamje dy doch wat, do âlde teef, datsto sokke dingen seiste, dat de jonge it heart.”

Dat naam Sibbel net, en se sei:

“Skamje dysels, do âlde brike hoanne! Hy moat it wol hearre datsto sa'n bok west hast. Do wolst no sa fatsoenlik wêze, as in slachtersteef dy't de terms mei de kjitte opfret! Jou de jonge mei de tiid in wiif.”

Waatze trune har oan: “Ei memke, sis der wat folle fan!”

“Wiif, hoe is it? Hasto podden yn it liif datsto sa raast? Soe hy him al yn 'e swierrichheid jaan? Wat hat men yn it boaskjen, as dat de wiven altyd mei jin kibje en knoarje?”

“It binne allegearre sokke âlde krintestinnern net asto biste. Tsjalke Skûtefarjer, dy't ik lêsten it waarm wetter foar de

ears geat, dy kin him sa fraai behelpe mei syn nij wiif: hja hawwe sok in nocht, hja boartsje sa leaflik tegearre dat jin it wetter om 'e tosken rint, as men it oansjocht. En as se inoar soms mei sokke leave eagen oansjogge, dan glinsterje se har yn 'e holle as in pear tinnen skûtels! Hja geane jûns te bêd, as de sinne ûndergiet, en hja steane moarns te sân of acht oere wer op. Do âlde skitebroek! Do hast my fan dyn libben safolle wille net jûn! Rin út myn eagen!”

“Do stelst dy ek sa leaflik net oan as Tsjalke' wiif. Hja jout him goede wurden; hja pluzet him de holle; hja strykt him it burd en hat sok in nocht!”

“Sis my net folle, mar rin yn 'e keamer en hispelje my dy fjouwer pipen ôf, dy't op 'e wiele lizze, en stopje dat gat ta, by it hinnehok, ear't de hin fan 'e aaien fljocht, of do silst se nei fleane en helje se wer werom.”

“Alle gatten moat ik tameitsje en tastopje. Mar dit wol ik jit wol dwaan; mar lit Waatze dan hispelje! Ik kin dy brui sa net omdraaie.”

“Gribbert! Meitsje my de holle net sear. Gean hinne, sis ik dy!”

“Dy't in wiif hat, dy hat in boas dier.”

“Protstelste jitte? Do âlde skytkarre! Ik kom dy strak wolris op 'e hûd! No myn soan Waatze, biste alhiel fersuft en ferslein? Hoe sitste sa stil?”

Gribbert rûn wif ta de keamer út. Waatze klage: “O mem! Sa't heit my slein hat, jo soene it net leauwe.”

Sibbel antwurde: “Hieste gjin hannen wer? Do soest se him wer yn 'e freet treaun hawwe, dat hy in healoere om 'e mûle socht hie. Do bist ommers wol sa sterk as dy skeve hûn!”

“Mem, jo witte ommers wol, dat men de heiten net slaan moat. It is sûnde, dan komt men yn 'e hel! Dêr sil it, leau ik, wol hjit wêze.”

“Ja, wa hat der west, dy’t it field hat?”

“Mem, sis dat sa net. As ús leave Heare dat hearde, Hy soe Syn moed net hawwe. Us pastoar sei lêsten, dat it stie yn ’e Bibel. No, dêr wolle wy net lang fan riddeneasje. Sjoch my ris yn ’e noas, oft der neat stikken is? Hy is my sa tebûke, as de bûter yn ’e tsjerne; en hy docht my ek sear.”

“Myn earne Waatze! Myn leaf soantsje! Swij do stil. Ik sil him wol wer gedachtich wêze. Snok sa net! Ik bin op dy âlde driipnoas sa kwea: ’k woe ’k him hie, ik koe him wol stikken skuorre!”

“Ik bin ek sa boas, ik koe wol rauwe kowekjitte ite: benammen omdat hy my rúnje litte wol.”

“Dêr sil er in aai foar sûpe! Ik sil him leare, noas en earen fan ’e kop ôfskuorre, dat stankfet dat er is!”

Waatze sloech yn oar praat. “Ik frege der safolle niis net nei. Mar mem, jo seine straks fan boaskjen?”

“Wat tinkt dy? Soest der wol moed ta hawwe? Mar it giet samar net en nim in wiif! Dy’t dûnsje sil, hat mear fanneden as in pear skuon.”

Mar Waatze liet syn ein net slûpe en ferfette: “Mem, ik bin ommers al fjouwerentweintich jier âld as de fôletiid wer oankomt. Ik haw ek sa lang al wachte. Us buormans Gaatze Binnes Dochter, Wobbel, wie rjocht myn bûkswjergea. Dat is sok in swieten sûkerpopke! Dy stekt my altyd yn ’e eagen. As ik aldertigenst yn ’e tsjerke bin en ik sjoch har sa moai yngean mei har reade rok, dan wipt my it hert yn it liif as in lammesturt. Ik kin net in byt fan ’e prekaasje hearre; ik moat har stadich oansjen. Yo! Hoe kin se dat mûltsje yn ’e ploaien sette! Alle feinten fan it hiele gea sjogge har oan, as wie se in keningsdochter. O sûpe en waai! Ik hie fan myn libben net leaud dat se sok in tsjok earske hie as se hat. It is oars net oft se in interfôle is. As jo it seagen! Hja hat in pear

boarsten as kowejaren, dy weage ek wat! Hja binne jitte net befied, dat wit ik wol. Har hier glinsteret fan fier, as in term oer in margewoarst. Har hannen en har antlit binne sa glêd as in laamsfel. Har noas is sa sljocht as in guozzeneb. Om it liif is se sa weak as in fette hin, dy't men hast slachtsje sil. Har eagen glinsterje har yn 'e holle as twa kjersen, fan twa stuurren it stik. Har lippen binne sa read as in reade estrik! Somma: Hja haget my sa wol, sa wol, dat ik it jo allegear net sizze kin."

"Leave soan Waatze! Ik wit ek wol, datsto har wol oanstiest. Do bist ommers sok in fraaien tsjirl, en sok in skranderen feint, as der mar ien yn ús hiele gea is. Fan liif en lea bisto sa rjocht as in fleielstôk. De oare feinten binne, tsjin dy te rekkenjen, as kneppels. Do bist wol hals en holle grutter as hja binne. Do hast in pear skonken ûnder it gat, wol helte tsjokker as de speaken fan ús bêste stoel. As der jit sok in feint yn ús gea wie (en ik jitte net boaske hie), dan woe ik him nimme, al soe ik banen mei him út it wetter ite. No bin ik by dyn faar, dy âlde gryn! Hy bekoarde my doe mei al syn moai jild. Hy hie wol fyftich gûne op rinte en hy krige jitte wol fyftich gûne fan syn âld muoike. Doe stiene ús saken al better as no. Mar dat wy wer ta ús doel komme: wolsto hjir sa lang bliuwe, dan wol ik sjen dat ik Gaatze Binnes dochter hjir ris by ús krij."

"Ik wol graach wachtsje, memke! Sparje jo nammers gjin muoite en kom wat gau wer!"

Haadstik 2

Sibbel gie derút om efkes fluch te hifkjen oft Gaatze Binnes dochter wol nocht oan har soan hie. Waatze spruts yn himsels: “O har swiete lea, har reade rok, har wyt himd, dat stiet my sa wol oan! Hja giet my sa yn it hert. Ik tins, hja mei har hert yn ’e pronkkast sette en minent yn ’e pleats nimme. De leafde moat in tsjoed ding wêze, dat it in minske sa ferstelle kin dat men it allegearre nei har sin meitsje moat. Myn hert hat myn Wobbeltsje alhiel wei, mei hûd en mei hier. Ei, lit my genede krije. Myn leafste leaf! Myn klokhintsje! Myn hunichtoetsje! As it wêze mei, ik wol dy op ’e hannen drage; ik wol dy yn ’e earms slute. Ja myn hert, ik wol dy sa razende leaf hawwe! Yo! Hoe swiet soene wy tegearre sliepe! Ik moat stjerre de hiele dea, ja, de hiele dea, as ik dy, leafste, net krije mei. It leit my jitte wol yn it sin, hoe’t ik lêsten fiif toarnen foar dy losmakke, doe’t my de skonken koarts healwei iepen spalken. En dat haagde dy jit sa wol, datsto my ta lakeste, dat ik my sa manlik ward hie. Myn leave Wobbeltsje! Ik wol dy fan myn libben net ien kear *do* hjitte. Ik wol dy safolle freugden oanbringe! Wy soene sa swiet mei-inoar omrôle as lytse bargaen. As ik dy nammers haw, dan jou ik om alle rest net in brui, mar, asto my ek fersmaadste, dan wol foar wis my de pânse yn it liif omkeare! It bloed soe my allegear yn ’e terms gearrinne! O my is it sa bang! Myn tosken switte my fan droefheid yn ’e mûle!”

Dêr wie Sibbel al wer werom. Waatze frege: “Mem, binne jo der wer? Seit se wat goeds?”

“Ja soan! Do befallste har te oerdiedige wol. As ik dy nammers neamde, sykhelle se op slach sa swier en waard sa read om ’e holle, as hie se in hiele dei foar de ûne stien. Wa’t dat docht, dan wit men it wol wat dat betsjut. Wobbeltsje woe

har nije rok oandwaan. Dan woene se hjir tegearre komme. Do moaste har no ris te mjitte gean.”

“Mem, ik doch it hiel need! Mar allikewol sil ik it dwaan. Mem, ik wie sa bang wylst jo hinne wiene: ik miende, jo soene gjin goed beskje krigen hawwe. Rûk ris, stjonkt it my jitte net yn 'e broek?”

“In lyts bytsje, mar it hat net folle te betsjutten. It sil der wol út waaie, ear'tsto by har komste. It stonk oars hiel tsjoed: oars net oftsto bargeloarten iten hieste, Waatske!”

“Ei mem, sis net fan Waatske, mar Waatze as ik by de breid bin. Haw ik de kraach ek al rjocht omslein? My tinkt, hy is smoarch. Ik haw my justerjûn mei sûpe bemotte, doe't my ús feint mei de pôt foar de toet state. Rûk ris, kin men it ek rûke?”

“Nee Waatske, net in byt.”

“Ei mem, sis doch Waatze, mei swietichheid. Spui in bytsje yn jo skerldoek en wriuw my wat om 'e holle. Sa, sa, dat is moai.”

“No glinstereste as in turffet by nacht.”

“Ik moat ek sjen oft my de foarbroek ek iepenstiet! Hy plichtet oars wol iepen te stean. De skroar hat my de broek al te near makke.”

“Nee, de broek is wol. Mar sjoch, dêr hasto in grutte snottebel yn it burd. Fij, om sa lilck!”

“Dat hawwe jo dien, doe't jo my waskje soene. Mar haw ik jit ek strie yn it burd?”

“Nee, mar meitsje dyn knevels wat rjocht.”

“Sa, dat is moai! Dat is nei de jonker manier. Mar it stiet jitte te ûnsjoch. It plichtet sa glêd te wêzen, oft it mei spek smard wie.”

“Ei rin doch hinne. Hja binne hast foar de doar!” Waatze rûn derhinne om har deryn te litten. Sibbel tocht by harsels:

“Myn soan is sa sinlik en sa ferstannich, dêr stiket wat yn, dat nimmen leauwe soe. It is wol te sjen dat er mear as ien faar hân hat! Hat wol foar tsien minsken ferstân. Dat myn âlde botte skytkarre ek sa wie, ik soe him sa ûnbarmhertich net slaan, as ik soms wol doch. Hy is allyk as in pôt fol brij, dy’t oer it fjoer hinget: as men de sleef altyd net yn ’e hân hat, dan baarnt it oan. As ik nin stôk altyd yn ’e hân haw, dy’t tsienris sa grut is as in sleef, dan docht er neat dat doocht. Sjoch, dêr komt myn soan alwer oan en hat syn leafste by de hân.”

Dêr wie Waatze alwer werom, mei syn faam Wobbel en harheit en mem, Gaatze Binnes en Jantsje. Waatze sei grutsk: “Hjir hawwe wy it pear, folk! Hiene wy no jo man, mem, dan soene wy wol hast út ’e rie komme kinne. ”

Sibbel andere him: “Waatske, rin gau hinne en helje him.”

Waatze hie dêr argewaasje fan: “Mem! Mei swietichheid. Sis doch fan Waatze!”

Sibbel ferbettere harsels hastich. “Waatze, soe ik sizze, ik fersin my, helje him.”

“Mem, it hoecht ommers net: de lobber mocht by him wêze en dy soe my ... sa’t jo wol witte.”

“Bliuw dan foar de sliepkeamersdoar stean en rop him ta. Do plichtste yn ’e tsjerke wol lûd te sjongen! Toe gau, Waatske!”

“Us âld baarch mei jo wol yn ’e ears bite! Sis doch fan Waatze yn swietichheid.”

“Rin hinne, Waatze.”

“Ik wol rinne, sa hurd ik kin.”

Gaatze Binnes tocht dat in beskaafd taalgebrûk Waatze net misstean soe en stelde út: “Ik soe graach sjen, myn leaf buorwiif, dat jim Waatze in wike fiif seis nei de stêd stjoerden. Myn dochter hat der wol seis wike tsjinne foar juffersfaam. Hja praat no oars net oft se de stedslju út ’e mûle

krûpt is. En hy koe ek wol in lyts bytsje lessen yn skriuwen leare.”

“Ja!”, sei Sibbel, “hy is hiel sterk, hy kin in ding gau gripe, hy hat in swyns holle. Doe’t hy lêsten fan ’e ljedder foel, wie hy sa wiis dat hy de ribben yn it liif wat fêstlei mei hinnefearren. Mar wat sil er mei it lessen dwaan? Wy hawwe ommers al in pastoar en in koster. Hja bruie jin it jild nammers wat ôf yn ’e stêd! Ús heit hie no lêsten ris by in dokter west dat hy it hânwurk leare soe: hy hie him in sleef fol guod ynjûn; dêrmei soe it goed wêze. Ja, in skyt! Doe’t hy nammers wer op ’e wei wie, doe liet er dy dokter alwer yn ’e broek rinne. Hy moast it jitris opite, omdat hy dy dokter doch by him hâlde soe. Ja, ja, hy waard allikewol nin dokter. Sa giet it derta. Ik sjoch, dêr komt ús soan alwer oanrinnen. Seit heit wat goeds, Waatske?”

“Mem, sis ik, sis doch fan Waatze, mei swietichheid!”

“Wat seit heit, Waatze-soan.”

“Hy sei, ik soe wat neier by him komme! Ik sei, jo bruie my nammers hiel wat! En ik tocht by mysels: jo binne nammers in âlde grynbeke! Doe’t ik net komme woe, sei er, hy soe daalks komme.”

En mei dat sizzen fan de soan kaam de heit al ta de keamer yn en sei: “Dêr’t de teven binne, dêr binne de hûnen net fier. Jonge, wat haste by dy faam te dwaan?”

Dat naam Sibbel net en se sei tsjin him: “Hoe no, skytburd! Tjirgesto dy dronken? Hja heart him ta.”

Wat Gribbert sein hie, gie Gaatze Binnes ek stûfernôch dat hy sei: “No no buorman, lit jo sizze. Jo wiif hat ris by my west, om jo soans wegen, om myn dochter (myn bêste skat op ierde) him ta wiif te jaan: en dêrom bin ik hjir by jo kommen, om mei-inoar dat ris te besprekken.”

Sibbel foel him by, op har eigen wize: “No Gribbert, tjirgje

dy sa mâl net. Soesto no flinken yn 'e ears hawwe, omdat wy hjir no al ree byinoar binne? Asto net te bêst sprekke wolst, rin do dan rju hinne. Wy sille it ûnder ús wol ôfmeitsje.”

Dat naam Gribbert net. “Hoe bearsto aldus, Sibbel? Hasto froasken yn it liif? Soe men jin net wat beriede moatte?”

Sibbel sei: “Der is gjin berie oan fêst.”

Waatze stipe har: “Sa, sa, memke, hâld jo hurd!”

Gribbert joech sa stadichoan belies. “In boas wiif en in nije wein moatte altyd raze! Wol buorman Gaatze Binnes, hoe soene wy it elkoar talizze?”

De ûnderhannelingen begûnen! Gaatze Binnes joech beskie: “Wol buorman, om ta it stik te kommen, de jongelju soene tenearsten wat yn 'e hannen fan dwaan wêze. Dêrom moasten jo har in bêd jaan mei wat der by heart; twa stuollen, in tafel en de grutte tsjettel dy't op 'e pronkkast stiet.”

“Sêft wat, dat wie te breed! It oare dat jo neamd hawwe, koe jit hinnegean. Mar dy tsjettel is jit fan ús âldfaar ôfkommen; dy mei ik net misse! De oare bern komme ek meiertiid oan; dy moatte ek wat hawwe. En as ik dit sa dwaan soe, dan moasten jo al in hynder, twa bargaen, twa skiep en dy feale ko jaan, dan koene se wat dêrmei begjinne.”

“Ik wol frij folle dwaan, ja, al wat minsken sizze, dat ik hear te dwaan: mar dy feale ko kin ik net misse! Dat is sok in eal dier. Dy jout safolle molke as de oare twa.”

Mar Gribbert die gjin lichten. “Dat soe de jongelju oars bêst flije! En dat moasten jo ek dwaan, of it boaskjen is ôf.”

Wobbel bemuoide har der no ek mei en lústere de heit ta: “Ei heit, is oan 'e feale ko safolle gelegen, dat it dêrom ferrinne sil? Slach rju ta! Ik sil it op in oare tiid wol wer mei jo goed meitsje.”

Gaatze Binnes joech belies: “Buorman, jo binne in hurdkop.

Ik mei jo sin no ris folgje. De jongelju moatte lok mei-inoar hawwe!”

“No! Dat is goed, dêr slach ik lok ta! Waatze, rin nei Wobbeltsje ta en jou har de hân en patsje har ris.”

Waatze rôp bliid: “Kom Wobbeltsje leaf! No biste ommers mines, mei hûd en hier. Bliuw stean, it sil dy jilde!”

Jantsje, Gaatze Binnes syn frou, rôp: “Rin net wei, Wobbel. Gean by Waatze. Do moatst de holle sa skeef net hâlde.”

Waatze rôp: “No Wobbeltsje, ja sa, ja sa! Dat my de fuotten net útgliide. Mem, hâld se my wat beet. No, dat sil oangean! Sa, sa, dat wie in beurt! Sa sil ik dy op 'e toet ride. Dêrnei sil ik dy jitte wol better bekomme!”

Gribbert pleage: “De bingel is jitte jong. Lit him jitte in jier of twa wachtsje.”

Waatze waard der kjel fan. “Mem, ik wol dat net dwaan en ik mei it net dwaan! Ik wol my leaver ophingje.”

Sibbel kaam mei in presintsje. “Sjoch dêr, Waatze, jou har dat foar it trouwen. It is in gouden tientsje. Dy krigeste jit as in houlikspinning.”

Gaatze Binnes frege saaklik: “Hoe sille wy it no fierder dwaan? Sille wy it ek daliks ûnder de lju bringe?”

Gribbert andere: “Ik haw de tinzen der al oer gean litten. My tinkt, wy meie hinnegean en stjoer Waatze nei de stêd en lit fan in tige dokter in troubrief of putlikaasje skriuwe. Dy mei ús pastoar dan ris fan 'e stoel ôflêze, as it ús ris te pas komt.”

Gaatze Binnes sei: “Ja, ik soe it ek mei in rutpelaasje hâlde.”

Sibbel konkludearre: “Soan, moatst dus nei de stêd en lit in útlukaasje skriuwe fan in tige dokter.”

“Dat mei ik dan al sa leaf dwaan.”

“Waatske, hark jit wat.”

“Mem, sis ik! Sis doch fan Waatze mei swietichheid!”

“No, hark dan, Waatze! Wat wolste no sizze, ast yn 'e stêd komste?”

“Dy't my goed tinkt, dy wol ik oansprekke. Dy sil my in kontlikaasje skriuwe.”

Gribbert waard wer lilck. Altyd wer it ferkearde wurd! “Do domme hûn, do bist sok in botte skelm!”

Dat naam Sibbel wer net. “Dêr silsto, âlde skiter, bloed foar spui! Silste sa raar fan him sprekke, dêr't er by syn breid stiet?”

“Wat wolste no, wiif? Hâld do dy wat rêstich. Hearsto, jonge, doe't ik yn it skûtsje hout op 'e wâl smiet en doe't ik it der wer yn flije moast, doe't dy minske my sa by de poat hie, sa'tsto witste: dêr wennet wol in dokter.”

Waatze antwurde: “Ik wit wol, dêr straks om 'e herne.”

“Ja! Asto no frege hast oan hokker side dat er wennet, bid him dan dat hy dy in puntlikaasje makket, en sis him datsto in nij wiif hawwe silst.”

“Kin ik it ek allegear wol drage?”

“Ja! It is nammers in lyts bytsje pompier.”

“Ik fûn lêsten yn 'e stêd sa'n stik pompier, soe dat neat dwaan kinne?”

Jantsje seach it swurk driuwen. “Nee! Der moat wat bysûnders op skreaun stean.”

Gribbert sei tsjin syn soan: “Wolste gean, gean dan, en nim ús grutte hoanne mei, dy mochtst him wol jaan.”

“Ik miende, dat soe ús húshoanne wêze. No Wobbel en mem, krij him my dan. Ik wol wylst myn skoech wat smarre. Ik mei ek earst wol wat dat ik ûnderweis net rammelje fan 'e honger.”

Sibbel nûge de nije sibben. “No, sa wolle wy it derop stean litte. Wolle jimme in lyts bytsje mei yngean, buorlju, kom dan.”

Gaatze Binnes wie dêr net sljocht op. “Nee! It is heech tiid dat ik nei hûs ta gie en fuorje myn einen en oar dier wat. No, Jantsje, gean no ris nei Bouwe Wynzes en harres, en freegje oft se dat guod al yn ’e sek dien hawwe? Sa net, nim dan dy sek wer mei: want it guod kostet in protte jild! En dat falt in minske net út ’e ears.”

Gribbert en Jantsje seine: “No soan Waatze, goenacht en goereis!”

Waatze rôp noch: “Tige tank! Mar wannear sille wy brulloft hâlde? ”

Jantsje antwurde him: “Dat sil ik mei myn dochter Wobbel ris oer lizze.”

Waatze rôp: “It is goed. Hearste net, Wobbeltsje? Ik sil dy koeke meibringe. Meitsje dyn brulloftsguod nammers te rjochte.”

“Dat is lang al bard! Dit jier makket ús mem my jit twa pear lekkens, mei in pear ferwielenen mouwen.”

Doe rjochte Waatze him tsjin syn mem: “Mem! Wêr harkje jo nei? Gean yn ’e hûs en krij my de koer mei de hoanne gau wat!”

En hy rôp út: “Ik wit dy, myn leave Wobbeltsje, net mear te sizzen as hûndert tûzen goenacht!”

Syn mem waard oandien, dat Waatze bêde har del mei it sizzen: “Ei, gûl sa net! Ik sil wol gau wer komme.”

Haadstik 3

Waatze rûn nei de stêd ta, en tocht by himsels: Ik leau yn alle wide wrâld neat of de fammen moatte ús ferstân hawwe, as wy har hawwe. Ik haw myn Wobbeltsje wol sa leaf, dat ik woe it liif wol iependwaan en triuw it ferstân derút en jou it har. Mar ik kin like goed net om har gûle as hja wol om my docht. En dêrom hoecht ús heit my ek net te slaan. Hy sloech my ris yn 'e stêd. Ik gûlde net, mar ik rôp, "Geweld, geweld!" Doe mienden de lju (hoe dom dat se ek yn 'e stêd binne!) dat ik rôp, "te wâl, te wâl", en mienden dat der ûnrie foar de stêd wie. Doe't se seagen dat ik sa rôp omdat ús heit my sa sloech, doe kaam der ien en joech ús heit sa'n snedigen earbân dat er hast omtruzele. Hei, hoe lake ik doe! No, om fierder te fertellen, ik kaam yn 'e stêd en doe't ik dêr dy earste kear kaam, miende ik dat it in hûs wie, en ik rôp sa lûd as ik koe, "Goedei yn it hûs!", en der wie net in minske dy't my andert joech. Doe kaam der in grutte stêdteef, dy holp my út 'e dream. Dy sei, ik wie yn 'e poarte! Dat wie dêroan ta. Ik gie fierder en ik tocht yn mysels: Hoe mei dat wêze, dat my de jonges no net neirinne, as se wol plichten? Hja plichten oars wol "Haaie Tsjalkes, grutte skeve skûteboer" te roppen. It rint no ridlik ôf, ik leau, hja moatte no te pankoekjen wêze, it is fêsteljûn! No, ik soe mysels wol fersitte. Ik moat mar myn koer iepenmeitsje, dat ik net lang hoech te futseljen, as ik by de dokter kom. Omke hoanne, wêr biste, skelmke? Libbeste jit? Lit my ris hearre. Do plichtste ommers wol mei de fuotten te spardeljen. Of biste net wol te pas? Slach dy de boaze gedachten wat út it sin.

Dêr kaam Bartolomeus, de skriuwer, oan. Hy frege Waatze: "Boer, hoe gaat gij zo treurig? Gij hebt zonder twijfel de melancholia."